

Simmerfakânsje nifeltip: Fiskjes

**Meitsje fan stiennen moaie fiskjes.
Do hast nedich:**

- **Stientsjes**
- **Skelk of âlde klean**
- **Finger- of wetterferve**
- **Kwast, stiften, wetter**

**Sykje moaie stientsjes dêrst in fisk fan
meitsje kinst. Leafst stientsjes dy't in
bytsje rûn en plat binne.**

**Waskje se earst en as se droech binne,
kinst se fervje mei finger- of
wetterferve. Fervje se earst yn ien
kleur en meitsje oan beide kanten
eagen. Jou it fiskje dan allegear
kleurkes.**

**Kinst se yn in grutte glêzen bak mei
wat sân lizze, sa kinst se moai besjen.
Protte wille!**

